



# IT AMBYLD

nûmer 55

ISSN: 2542-7423

**It Keninklik Frysk Boun om Utens  
Algemeine Gearkomste 2026**

Datum: sneon 28 maart 2026

Gastkrite: 'Fier fan Hûs', Apeldoarn

Plak: Doarpshûs Ugchelens Belang

Bogaardslaan 81, 7339 AN Ugchelen

## Kontakt

Webside: [www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl)

Skriuwer: Gerrita Otten-Onrust  
Geertgen tot Sint Janslaan 7  
3723 CJ Bilthoven  
Tel: 06 – 2519 0166  
[skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl](mailto:skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl)

Ponghâlder: Jan Vogel  
Yellowlaan 4  
1695 HV Blokker  
[yellowbirds53@gmail.com](mailto:yellowbirds53@gmail.com)

Bank: NL94 INGB 0000 3200 77  
o.n.f. It Frysk Boun om Utens, Blokker

## Ynhâld

Utnûging .....	4
Praktyske ynformaasje .....	5
Opjefte dielnimmers .....	9
Ynformaasje MYM.....	10
Stikken foar de AG:	
Wurklist .....	13
Bylagen by de wurklist	
Bylage 1: Ferslach fan de 101e AG .....	15
Bylage 2: Jierferslach skriuwer 2025 .....	26
Bylage 3: Jierrekken 2025 en begrutting 2026 .....	33
Bylage 4: Toanielsaken: IFAT en subsydzjes .....	35
Bylage 5: Takomst KFBou .....	37
Bylage 6: Kontakt Bounsbestjoer-kriten .....	39
Bylage 7: Ferslach MYM 2025 .....	40
Bylage 8: Mediasaken/Omrop Fryslân .....	42

## Utnûging

Bilthoven, 15 febrewaris 2026

Achte kritebestjoeren,

It bestjoer fan It Keninklik Frysk Boun om Utens nûget jimme út foar de

### **102<sup>e</sup> Algemeine Gearkomste**

op sneon 28 maart 2026, yn doarpshûs Ugchelens Belang yn Ugchelen.  
Middeis hâlde wy de **Moetings- en Ynspiraasjemiddei**, wêrfan it earste diel troch it Boun organisearre wurdt en it twadde diel troch gastkrite 'Fier fan Hûs'.

It programma fan de dei sjocht der sa út:

10:00 oere: Ynrin en ûntfangst troch gastkrite 'Fier fan Hûs' fan Apeldoarn

**10:30 oere Algemeine Gearkomste**

12:15 oere: Lunsj

**13:00 oere: Moetings- en Ynspiraasjemiddei (MYM)**

Sprekker Teade de Boer, frywilliger by it Agrarisch Natuurfonds Fryslân

14:30 oere: Skoft

**15:00 oere: Programma gastkrite 'Fier fan Hûs':**

Toanielskip De Lytse Komeedzje mei 'De Rollator Revolúsje'

±17:30 oere: Eintiid programma

18:00 oere: Mooglikheid waarm iten

Wy sjogge jo graach yn Ugchelen!

Mei hertlike groetnis,

Gerrita Otten-Onrust

*Skriuwer It Keninklik Frysk Boun om Utens*

## Praktyske ynformaasje

### Lokaasje

Wy binne te gast yn Doarpsûs Ugchelens Belang, Bogaardslaan 81, 7339 AN Ugchelen.



**Rûte**

Elkenien – dy't net in toeristyske rûte oer de Feluwe of dwers troch Apeldoarn rydt – komt Ugchelen binnen fia de súdlike rûte: **A1, ôfslach 19 Hoenderloo.**



**Parkeare**

Der is in grut parkearplak efter it gebou. Links neist it doarpshûs is de tagong – tusken de Fryske flaggen troch – nei dit parkearplak. Dêr is ek de yngong dy't wy brûke.



### Ynrin

**Fanôf 10:00 oere** is elkenien wolkom en steane kofje en tee klear. Jo kinne jo nammekaartsje ophelje by de ponghâlder fan it Boun en krije dan ek de kaarten foar de programma-ûnderdielen dêr't jo foar betelle hawwe: lunsj, toaniel en/of waarm iten.

Foar kriteren, dy't dêr om frege hawwe, lizze de ledekaarten 2025/2026 klear.

### Konsumpsjemunten

By de ynrin kinne jo konsumpsjemunten keapje by de krite-ponghâlder. De **munten kostje € 3,- it stik**. Munten keapje kin allinnich mei kontant jild. Pinnen is net mooglik.

Munten dy't jo net brûkt hawwe, kinne jo oan it ein fan'e dei wer ynleverje. Jo krije dan it jild werom. Konsumpsjes kinne allinne mei munten betelle wurde.

### Algemeine Gearkomste 10:30 oere

De AG is yn de grutte seal en begjint om 10:30 oere. De eintiid is nei ferwachting 12:15 oere. Wy wolle graach witte hoefolle minsken dielnimme oan de AG. Dêrom by de opjefte graach trochjaan of jo komme.

### Lunsj 12:15 oere

Om 12:15 oere stiet de lunsj foar ús klear yn it kafee-diel fan it doarpshûs. Foar elkenien bestiet de lunsj út:

- **Tomatesop** (fegetaryske sop foar wa't dat opjûn hat)
- **Twa beleine breadsjes**
- **Broadsje kroket** (fegetaryske kroket foar wa't dat opjûn hat)
- **Kofje, tee, molke en sûpe**

De priis is **€ 16,50** de man/frou. By jo opjefte graach trochjaan of jo mei-ite en of der bysûnderheden binne (bygelyks in dieet of allergy).

### MYM 13:00 oere

Fan 13:00 oere ôf wurdt it earste diel fan de Moetings- en Ynspiraasjemiddei ynfold troch sprekker **Teade de Boer, frywilliger by it Agrarisch Natuurfonds Fryslân**. Sjoch side 10. Syn presintaasje is yn de lytse seal. Dit ûnderdiel kostet neat, mar wy wolle graach witte hoefolle minsken der komme. Dit dêrom graach trochjaan by jo opjefte.

### Toaniel 15:00 oere

Om 15:00 oer begjint yn de grutte seal it toanielstik '**De Rollator Revolúsje**', spile troch De Lytse Komeedzje. Sjoch side 12 foar de oankûndiging. Beide dielen fan it stik duorje in oere mei in skoft fan 20 minuten. De eintiid is dus rûn 17:30 oere. De tagongspriis foar it toanielstik is € 20,00 foar leden fan de kriteren en € 22,50 foar net-leden. Graach opjaan as jo der by wêze wolle.

### Ferlotting

Krite Apeldoarn organisearret in ferlotting mei moaie prizen! De lotsjes kostje € 0,50 it slúfke en wurde ferkocht yn it skoft fan it toanielstik. Prizen kinnen nei ôfrin ophelle wurde.

### Waarm iten

Doarpshûs Ugchelens Belang makket foar ús in waarm en kâld buffet mei:

- Gehaktbaltsjes yn saté-saus
- Kipfiletstikjes yn kerriesaus
- Gebakken salmstikjes mei dille-saus
- Fegetaryske lasagna
- Ierappel-gratin
- Krieltsjes út de oven
- Rys
- Waarme grientemiks
- Rauwkostsalade
- Komkommersalade mei dille
- Griene sla en dressing
- Stoofparkes

De kosten foar dit buffet binne € 25,50 de man/frou. Graach opjaan of jo mei-ite wolle en of der bysûnderheden (sa as allergyen) binne.

### Formulier opjefte

Om jo oan te melden, it opjefteformulier ynfolje en **uterlik sneon 14 maart 2026** maile nei de Bounskriuwer fia: [skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl](mailto:skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl). By de útnûging oan de kriteren is it formulier meistjoerd, of sjoch de folgjende side. Jo kinne it formulier:

- digitaal ynfolje, opslaan en as bylage werom stjoere per mail; of
- kopiearje of printsje, mei de hân ynfolje, in scan of foto meitsje en as bylage maile.

### Betelling dielnimmers

Foar dizze AG is ôfpraat, dat **elkenien alle ûnderdielen yn't foaren betellet** oan de ponghâlder fan it Boun.

It totaalbedrach fan jo opjefte moat **op sneon 21 maart 2026 byskreaun** wêze op rekken:

**NL94 INGB 0000 3200 77**

o.n.f.: It Frysk Boun om Utens, Blokker

û.f.f.: Jo namme en 'AG 2026'

### Sammel-opjefte en -betelling kriteren

Kriteren meie fansels ek opjefte sammelje en nei de Bounskriuwer stjoere, of in folsleine sammel-opjefte opstelle en ynleverje. Dêrby graach trochjaan of de dielnimmers sels oan it Boun betelje, of dat de krite-ponghâlder it totaalbedrach foar de krite-leden yn ien kear betellet (ûnder fermelding fan: Krietenamme en 'AG 2026').

**Kontant jild** is op de dei sels allinnich nedich foar konsumpsjemunten en foar de ferlotting.

## Opjefteformulier AG 2026

**Dielnimmer** (namme komt sa op it nammekaartsje):

\_\_\_\_\_

**Lid fan krite:** \_\_\_\_\_

**Gjin krite-lid**

**Oare organisaasje** (as fan tapassing): \_\_\_\_\_

\_\_\_\_\_

<b>Nimt diel oan:</b>	AG	<input type="checkbox"/> nee	<input type="checkbox"/> ja	--
	Lunsj*	<input type="checkbox"/> nee	<input type="checkbox"/> ja	€ 16,50
	MYM sprekker ANF	<input type="checkbox"/> nee	<input type="checkbox"/> ja	--
	MYM toaniel	<input type="checkbox"/> nee	<input type="checkbox"/> ja, kritelid:	€ 20,-
			<input type="checkbox"/> ja, gjin kritelid:	€ 22,50
	Waarm iten*	<input type="checkbox"/> nee	<input type="checkbox"/> ja	€ 25,50

**en betellet totaal:** € \_\_\_\_\_

\*Bysûnderheden iten:

Opmerkingen:



## Agrarisch Natuurfonds —Fryslân—



*Frywilliger Teade de Boer*

De Moetings- en Ynspiraasjemiddei set útein mei sprekker Teade de Boer. Hy sil ús fertelle oer syn wurk as frywilliger by it ANF. Hy jout in presintaasje en sil dy yllustreare my bylden út Fryslân. It ANF hat ús ‘in bysûndere belibbing’ tasein!

As fergoeding foar de komst fan Teade de Boer hat it ANF frege om in bydrage yn harren wurk. It Boun stipet dit wurk graach en hat in bydrage dien yn de oankeap fan Ljippelân Warkum. Op de folgjende side sjogge jo it sertifikaat dat wy dêr fan krigen hawwe.

### **Wat is en docht it ANF?**

Stichting Agrarisch Natuurfonds Fryslân (ANF) is oprjochte yn 2017 en hat as doel: it behâlden én ferbetterjen fan it Frysk agrarysk kultuerlânskip en wol it folgjende berikke:

- it ferbetterjen fan de greidefûgelstân yn Fryslân;
- it behâlden fan kultuerhistoarysk gerslân;
- it ferbetterjen fan de greidefûgelbiotoop;
- it stypjen fan agrarysk natuerbehear;
- it behâlden fan greidefûgelpearls;
- it dwaan fan alle fierdere hannelingen, dy ‘t mei it foarensteande yn de romste sin ferbân hâlde of dêrta befoarderlik wêze kinne;

troch agraryske kultuergrûn te krijen of troch sizzenkip/behear oer de kultuergrûn te krijen.

Mei as doel de lannen geskikt te hâlden as greidefûgelbiiotoop en te soargjen foar in soad fleanflugge greidefûgelpykjes, yn harmony en gearwurking mei de boer en syn bedriuw.

Sûnt 2024 hat ANF - tanksij ferskate publyks-aksjes, ferskate subysdzjeferlieners en gulle jowers - twa greidefûgelpearls yn besit (Gruttoland Wommels en Gruttoland Tsjerkwerd) en twa yn behear (Noordereiland Drachten en De Waard Leeuwarden). Ein 2026 hopet ANF Ljippelân Warkum oankeapje te kinnen.

Sjoch de webside: [www.agrarischnatuurfondsfryslan.nl](http://www.agrarischnatuurfondsfryslan.nl)



# adoptie certificaat LJIPPELÂN

**Met jouw bijdrage  
verwerven wij  
weidevogelgebied  
in Fryslân.**

**It Keninklik Frysk Boun om Utens**  
**187,50 euro**  
**25 m<sup>2</sup>**

Het Agrarisch Natuurfonds Fryslân strijdt voor het beschermen van unieke stukken weidegrond. Met jouw adoptie of gift lever je een directe bijdrage voor de aankoop van 13 ha Ljippelân (Kauwtenland) in Warkum. Hiermee help je de bedreigde weidevogels.

**Agrarisch Natuurfonds**  
— Fryslân —

Slachte 4A | 8731 CJ Wommels | T | 058 | 250 43 88 | info@agrarischnatuurfondsfryslan.nl | www.agrarischnatuurfondsfryslan.nl



# UTNUGING

*Krite 'Fier fan Hûs' fan Apeldoarn nûget elkenien út  
foar it bywenjen fan it toanielstik*

**'De Rollator Revolúsje'**

*spile troch toanielselskip De Lytse Komeedzje.*



*It begjint om 15:00 oere yn Doarpshûs Ugchelens Belang yn Ugchelen.*

*Ynrin fanôf 14:45 oere.*

*Yntree € 20,00 foar leden fan krite en € 22,50 foar net-leden*



*De Rollator Revolúsje giet oer âldereinhûs de Takomst dat ûntstien is út in fúzje tusken  
twa lytsere teuzen: it sjike rêsthûs Edelburcht en it folkse âldereinhûs de Plets.  
Dizze fúzje rint net bepaald posityf. De bewenners kinne elkoar net luchtsje of sjen  
en in freeslike direktrise weeft der mei ôf. Mar as in mysterieuze âldere hear  
der komme wol te wenjen, slaan de frouljusherten hielendal op 'e rin.  
It mei dúdlik wêze, dat fan in rêstiche âlde dei gjin sprake mear is....*

## Wurklist 102<sup>e</sup> Algemiene Gearkomste fan It Keninklik Frysk Boun om Utens

1. Iepening en fêststelling wurklist
2. Meidielingen en ynkommen stikken
  - a. Meidielingen
  - b. Ynkommen stikken
3. Ferslach fan de 101e AG: [bylage 1](#)
4. Jierferslach skriuwer oer 2025: [bylage 2](#)
5. Rekkenopnimmers
  - a. Ferslach rekkenopnimmers oer 2025 (Swol en Twinte)
  - b. Beneamen nije rekkenopnimmers (Twinte en Utert-Seist)
6. Finânsjes: [bylage 3](#)
  - a. Jierrekken 2025
  - b. Begrutting 2026
7. Algemiene Gearkomste 2027

*De Algemiene Gearkomste fan 2027 sil holden wurde op sneon 3 april 2027.  
Hokker krite wol op dizze datum gastkrite wêze?*
8. Toanielsaken: IFAT (It Frysk Amateur Toaniel) en subsydzjes: [bylage 4](#)
9. Bestjoersferkiezing

*It roaster fan ôfgean is wizige troch it tuskentiids ôfgean fan Kees van der Beek yn 2025. Gerrita Otten is reglemintêr ôfgeand en wer ferkiesber foar fjouwer jier. Nije of tsjinkandidaten foar it bestjoer kinne harren **uterlik sneon sneon 14 maart 2026** melde by de skriuwer of de foarsitter.*
10. Takomst KFBou: [bylage 5](#)

*Ferslach wurkgroep Takomst: stân fan saken - en wurkplan 2025–2027*
11. Kontakt Bounsbestjoer mei de krite: [bylage 6](#)

12. Moetings- en Ynspiraasje-Middei (MYM)
  - a. Ferslach fan de MYM 2025: [bylage 7](#)
  - b. Ideeën foar de MYM 2027
  
13. Mediasaken/Omrop Fryslân: [bylage 8](#)
  
14. Wat fierder op it aljemint komt
  
15. Omfregjen
  
16. Sluting

## Ferslach 101<sup>e</sup> Algemiene Gearkomste

### Ferslach fan de 101<sup>e</sup> Algemiene Gearkomste fan It Keninklik Frysk Boun om Utens op sneon 29 maart 2025 yn Nieuwegein

#### 1. Iepening

Om 10:30 oere hjit foarsitter Jan Bijkerk de oanwêzigen fan herte wolkom. Hy jout it wurd oan Pietie Westdijk, foarsitter fan gastkrite 'Mei Inoar Ien' fan Utert-Seist.

*“Alle gear tige wolkom op de 101e Algemiene Gearkomste fan it Keninklik Frysk Boun om Utens. Dit jier organisearre troch de Krite 'Mei Inoar Ien' fan Utert/Seist en omkriten, yn gearwurking mei it bestjoer fan it Boun. Yn Utert wie gjin geskikte of betelbere oare romte te finen. Sa binne wy hjir yn Nieuwegein telâne kommen.*

*Sûnt maaie 2019 binne de Krite Mei Inoar, fan Seist en Selskip Fryslân, fan Utert fusearre en hjitte wy no Mei Inoar Ien. Ferline jier hawwe wy it 5 jierrich bestean fan dat nije Selskip feestlik fiert. Dus eins ek in lyts jubileum! Dat hat ek meispile dat wy no dizze kear de AG hjir hawwe. Gjir grut jubileum, mar dochs!*

*Efkes werom yn de skiednis. Yn 2001 op 24 april bestie de Krite Selskip Fryslân 100 jier. Dat is fierd op 28 april 2001. Dit barde doe yn it Marcussintrum yn Utert. Middeis de AG fan It Frysk Boun om Utens, dêrnei in resepsje. Alle bestjoersleden – sawol froulju as manlju – wienen klaaid yn in Frysk kostúm. De jûns ha Riens Gratema en Peter Sybenga it programma 'Ter Land, ter See en yn Tersoal' brocht. De beierdier van de Dom hat die dei it Frysk Folksliet spile; dat wie wol hiel bysûnder.*

*De Krite 'Mei Inoar' fan Seist bestie op 1 novimber 2013 75 jier. Dit is fierd op 5 april 2014. De AG wie doe dus yn Seist, dêrnei in miel yn buffetfoarm. De jûns wie yn it Torenlaanteater it programma 'De Emigrant' spile troch Freark Smink en Theo Smedes. Koartlyn hat Omrop Fryslân dit werhelle!*

*Werom nei dizze dei/hjoed: Ik hoopje op in goede gearkomste mei de AG fan it Boun, de lêzing en it Kriteprogramma. Yn it middeisskoft wurde lotsjes – yn slúfkes – ferkocht, dy 't ik hjir fan herte oanbefelje.”*

Jan Bijkerk betanket Pietie foar har ynlieding en sprekt syn wurdearring út foar de goede mienskiplike taryeding fan dizze dei. Hy betanket krite 'Mei Inoar Ien' foar har gastfrijens troch foarsitter Pietie Westdijk in moaie bosk blommen te oerlangjen.

Dêrnei hâldt de foarsitter syn ynlieding fan de dei:

*“Bêste minsken,  
Oare jierren ha ik it yn myn ynlieding faak hân oer de Fryske taal. Dit jier wol ik jimme graach meinimme nei oare kultuer-úteringen en yn it bysûnder de skiednis fan ús stêden yn Fryslân. Der is wat feroare yn Fryslân. Dy feroaring begûn yn 2018, doe't de provinsje en har haadstêd Ljouwert de Kulturele Haadstêd fan Europa wienen. It jierlange feest liet net allinnich de wrâld, mar ek de Friezen sels, sjen dat kultuer yn ús bloed sit. Kultuer bestiet út tradysjes, moderne en stokâlde gebouwen, musea en keunstwurken, sang, dûns en teäter. Mar it is ek it*

*omearmjen fan keunstners en wêr't sy harren plak fine om har te uterjen. Keunst docht wat mei jo.*

*Fryslân ken as gjin oare provinsje in eigen kultuer dy't djipwoartele is yn minske en natuer. Us libben mei wetter as freon en fijân, ús eigen taal, folksliet en tradysjes dy't op syn minst sa âld binne as de wolbekende flagge, binne de grûnlizzers fan de eigensinnigens dy't besikers sa wurdearje. En sa ek de stêden fan Fryslân.*

*De provinsje Fryslân hat alve stêden dy't tegearre wrâldferneamd binne. Us stêden tankje harren titel net oan it formaat, mar oan harren histoaryske betsjutting en fansels de Alvestêdetocht. It binne de stêden fan de dreamers dy't sjen litte dat it 'bêst genôch' is, om op te fallen. Yn Fryslân is somtiden in stêd sa grut as in doarp mei alle sjarme dy't dêrby heart. In stêd is pas in stêd as sy stedsrjochten krigen hat. Dêrfoar is it in delsetting, meastentiids ûntstien trochdat der in gearrin fan diken is, dêr't minsken stopten om hannel te driuwen. Yn Fryslân giet dit dan benammen om wetterdiken en om it sompige kustgebiet, dat meirint op it kommen en gean fan de seeën: de Waadsee en de Sudersee, de hjoeddeiske Iselmar. As wy dus de skiednis yndûke en sykje nei it ûntstean fan de alve stêden fan Fryslân, dan begjint dat, as der foar it earst oer in plak skreaun wurdt, yn de Romeinske tiid bygelyks, of yn de midsiuwen. Litte ús begjinne by de stêd dy't no it grutste is, de haadstêd fan ús provinsje: Ljouwert.*

#### De grutste stêd

*Trije terpen lizze oan in ynham fan de Middelsee, dêr't de bewenners har dwaande hâlden mei lânbou, fiskerij en skipfeart. Op de terpen ûntstiene trije delsettingen: Aldehou, Nijehove en Hoek. Nammen dy't wy no noch hieltyd tsjinkomme yn Ljouwert. Aldehou wie in úthôf fan de Abdij fan Corvey yn Dútslân en hie yn de tolfde iuw in tsjerke wijd oan de hillige Vitus. Nijehove komt foar it earst foar as stêd yn de trettjinde iuw, mar offisjeel kin men dat net neame. En Hoek wie de lytste delsetting dêr't de aadlike famylje Cammingha in stins en in tsjerke stichten. In stins is in midsiuwske, ferdigenbere, bewenbere toer.*

*De earste offisjele oarkondes oer it byinoar gean fan de trije delsettingen ta in stêd, komme út jannewaris 1435. Der leine doe al stedsgrêften en de Middelsee wie tichtslibbe oant trije rivieren: de Ie, de Vliet en de Potmarge. It beslút om gear te gean wie nei alle gedachten al earder nommen, mar fan 1435 ôf draacht Ljouwert dus offisjeel de stedsrjochten.*

*Nei 250 jier selsbestjoer waard Fryslân yn 1498 ûnderwurpen oan Albrecht fan Saksen en yn Ljouwert setele fan doe ôf, it Hôf fan Fryslân.*

#### De âldste stêd

*Wy geane wer werom yn de tiid, dit kear nei de âldste stêd fan Fryslân. Yn it súdwesten leit oan in wetterin in plakje dat wy tsjintwurdich kenne as Starum. It is 300 foar Kristus en de Nagele wie in streaming út de mûning fan de Isel tusken it eilân Urk en de kust. Troch ôfkalving en oerstreamingen ferdwûn de delta fan de Isel foar in grut part, oant dêr nei alle gedachten trije eilantsjes oerbleaunen: Urk, Schokland en Nagele.*

*Starum tsjinne as útfalsbasis foar de muonts Odulfus dy't de Friezen opnij bekeare moast ta it kristendom. Fan 837 ôf hat yn Starum in kleaster stien, it Sint-Odulphuskleaster, mar troch in swiere stoarm is it kleaster fergien. Yn 991 waard Starum plondere troch Deenske Fikingen.*

*Yn de âlde iuw krige Starum fan de Brunonen, in dynasty fan Fryske grêven, har stedsrjochten. Starum wie destiids in wichtige hannelsstêd en de grutskippers en keaplju ûnderholden wichtige hannelsrelaasjes mei de lannen om de Eastsee hinne.*

*Yn 1285 waard Starum lid fan de Hanze. De skippers út Starum genieten by passazje fan de Sont in âld foarrjocht; by de tolheffing waard harren foarrang jûn, wat in flinke tiidwinst*

*opsmiet. Hollân wie mei in hurdgroeiende befolking foar de itensfoarsjenning oanwiisd op nôt-graanimporten út de Eastseelannen. De skippers út Fryslân wiene foar Hollân om dy reden fan libbensbelang.*

*By oarloggen tusken Hollân en Fryslân keas Starum dan ek gauris partij foar Hollân en yn 1292 krige it plak stedsrjochten fan greve Floris V van Holland.*

*Oan'e ein fan de midsiuwen rekke de stêd yn ferfal. De haven fersânde en by de nôthannel spile Starum gjin rol fan betsjutting mear. Op dit feit is it ferhaal 'Het vrouwtje van Stavoren' basearre. Fan de ienris sa ynternasjonale havenstêd wie gjin sprake mear, mar it wyfke stoarret noch altyd nei de see - ûnderwilens de Iselmar - op útkyk nei skippen.*

#### De noardlikste stêd

*De tredde stêd dy't ik besykje yn dizze ynlieding oer it ûntstean fan de alve stêden, is de meast noardlike stêd fan Nederlân: Dokkum. Yn 716 ferliet Bonifatius Ingelân om in earste missy-ekspedysje nei Fryslân te ûndernimmen. Hy woe de bewenners bekeare ta it kristendom troch yn har eigen taal ta har te preekjen. Syn eigen Aldingelsk of Agelsaksisch wie ommers besibbe oan it Aldfrysk. Dizze earste sindingsreis waard in mislearring.*

*As heechbejierre tsjerklik lieder luts er yn 754 mei in gefolch op'e nij nei Fryslân. De reis nei Dokkum hie wat wei fan in parade, in machtsfertoon. Der wie in wapene eskorte en personiel. De bekerings-ekspedysje like foar de Friezen op in oprukkend leger. Hy sloech syn kamp op by Dokkum, mar yn stee fan dêr syn bekearlingen te treffen, waard er de oare moarns oerfallen troch in groep wapene Friezen. Op 5 juny 754 waard er deade, tegearre mei syn 52 maten. Underwilens is der by Dokkum in wetterboarne, dy't troch de oerlevering yn ferbân brocht wurdt mei de Angelsaksyske misjonaris wêrtroch't dy in katolyk beafeartsoarde wurden is.*

*Yn 1298 krige Dokkum nei Starum, Harns en Drylts as fjirde stêd fan Fryslân stedsrjochten en yn de Tachtichjierrige Oarloch tsjin Spanje wie Dokkum in wichtige pion yn de striid. Yn 1572 wie de stêd in pear oeren yn hannen fan de geuzen. Dokkum waard dêrfoar swier straft mei de Waalse Furie yn Dokkum. Nei 1579, doe't Dokkum him oansleat by de Unie van Utrecht, begûn in tiidrek fan rêst. Yn eardere jierren lei de stêd yn iepen ferbining mei de see, it Dokkumergrutdijp. Yn 1597 fêstige de Fryske konfrontaliteit him yn Dokkum. Dêrwei waarden alderhanne saken foar de befeiliging fan'e hannelsfeart en oarlochsfjering mei Spanje op see regele. Dokkum wie fan grut strategysk belang, fandêr de oanlis fan de stedswâlen yn de jierren 1581 -1582 bekend as de Bolwurken. Yn de njoggentjinde iuw ûntstie in tanimmend romtegebrek yn Dokkum. Binnen it skoatsfjild fan de kanonnen op de bolwurken mocht nammentlik net boud wurde. Alle nijbou waard yn de binnenstêd proppe, wat late ta it ferlies fan in soad âlde histoaryske gebouwen. Gelokkich waard de binnenstêd fan Dokkum as ien fan de earste plakken yn Nederlân útroppen ta beskerme stedsgesicht yn 1974.*

#### **De lêste stêd**

*Yn 1456 krige Snits as lêste stêd offisjeel har stedsrjochten en fan dy tiid ôf kinne wy dus prate oer de alve stêden fan Fryslân. Pas echt wrâldferneamd waarden se troch de Alvestêdetocht. De twahûndert kilometer lange reedrydtocht oer natueriis wurdt organisearre troch de 'Koninklijke Vereniging De Friesche Elf Steden. Fanwege de ôfstân en fanwegen it heroyske karakter wurdt de Alvestêdetocht ek wol 'De Tocht der Tochten' neamd. Foar it earst offisjeel yn 1909 riden, kin er allinne organisearre wurde as der genôch iis leit. Yn totaal is de tocht oant no ta fyftjin kear ferriden. De lêste kear wie yn 1997. En de fraach is ek of de tocht ea noch ris troch gean kin mei de opwaarming fan de ierde.*

*Sa sjoch je mar, 'tiden binne tiden' en feroaring fan tiden hawwe faaks in grutte ynfloed op de situaasje fan hjoed de dei. Sjoch nei it Keninklik Frysk Boun om Utens en de kriteren. Yn 1994 hienen wy noch 25 kriteren bûten Fryslân. Oer in moanne hawwe wy heechst wierskynlik noch 8 kriteren, in tebekrinnen fan 17 kriteren. En der geane stimmen op, dat der it kommand jier mooglik noch guon ferdwine.*

*De fraach is dan fansels, hoe moat it Frysk Boun hannelje as der noch mar in pear kriteren oerbliuwe. No, jimme hawwe sjen kend yn it Ambyld dat wy dêr as Bounsbestjoer it ôfrûne jier oer neitocht ha. Op de wurklist fan de AG stiet ûnder punt 10 it behanneljen fan it útstel dat wy jim as bestjoer foarlizze, hoe wy tinke dat wy der mei omgean kinne. Ik bin aansten benijd nei jimme mieningen.*

*En dat is dan ek in moaie oergong nei de iepening fan ús Algemiene Gearkomste, nûmer 101 fan 2025. Tankewol. “*

De foarsitter krijt applaus en dêrnei sjonge de oanwêzigen mei-inoar it Frysk folksliet.

Om 10:48 oere iepenet de foarsitter de 101e Algemiene Gearkomste fan it Keninklik Frysk Boun om Utens.

## 2. Meidielingen en ynkommen stikken

### Meidielingen

- Der binne ôfmeldingen binnenkaam fan:
  - Earelid Sjoerd Bakker, fanwegen oare ferplichtingen;
  - Krite Meppel, fanwegen sykte fan de frou fan foarsitter Van der Schors;
  - Krite Twinte, dy't gjin bestjoersleden mear hat. In kommisje is dwaande mei in mooglike trochstart. De hearen Tel en Salomons hawwe harren oanbean as bestjoersleden.
  - Arno Brok, kommissaris fan de Kening yn Fryslân.
  - Eelke Folkerts, deputearre fan de provinsje Fryslân;
  - Ineke Rienks en Kobe Flapper, meiwurkers Taal en Leefberens fan de provinsje Fryslân;
  - Fryske krite 'Easterwâlde e.o.'
- De húshâldlike meidielings oer dizze dei binne:
  - De kofje mei oranjekoeke wurdt oanbean troch gastkrite 'Mei Inoar Ien';
  - It lunchbuffet en it dinerbuffet binne yn it restaurant;
  - Konsumpsjemunten binne te keap by de krite-ponghâlder.
- De foarsitter freget wat't der beswier tsjin hat om op foto's te kommen, dy't op de webside fan it Boun publisearre wurde sille. Der binne gjin beswieren.
- Op 26 juni 2024 is ús eare-foarsitter, Hâns Dijk, ferstoarn. By de útfteart hat Jan Bijkerk in taspraak hâlden út namme fan it Boun. Hy hat û.o. in gedicht fan Hans sels foarlezen. Dat folget hjirûnder.

De Fries en syn taal

Pak je in Fries syn sinten ôf  
syn euro's, syn fermogen  
dan hâldt er dochs syn goede sin  
en fluitet ûnfertogen.

Pak je in Fries syn auto ôf  
syn scooter en syn brommer  
dan spant er 't hynder foar de wein  
en túcht troch bosk en lommer.

Pak je in Fries syn Fryslân ôf  
syn haadstêd en syn rjochten  
dan hat er noch syn Fryske taal  
dêr is er mei ferflochten.

Nee, nimmen pakt dy taal him ôf  
dy sil er ivich sprekke  
dy hat er leard fan heit en mem  
en hat him hiel djip rekke.

Dy taal, dy nimt er mei yn 't grêf  
- want ienris moat hy stjerre -  
syn lêste siken binn' yn 't Frysk  
en lit dat dúdlik hearre.

- Mei in minút stilte betinke wy alle ferstoarnen fan it ôfrûne Bounsjier. De foarsitter winsket alle famyljes in soad krêft.
- De soan fan âld-foarsitter en earelid Stoffel Haagsma hat witte litten, dat syn heit nei in ferpleechhûs yn Easterwâlde ferhúzje sil. Syn argyf giet nei it Boun en sil ynkoarten ophelle wurde.

#### Ynkommen stikken

Der binne gjin ynkommen stikken foar dizze gearkomste.

### **3. Oantekens fan de 100e AG (siden 5 oant en mei 18)**

- Ynhâldlik en tekstueel binne der gjin opmerkingen.
- Nei oanlieding fan it ferslach wurdt frege nei de stân fan saken oangeande it IFAT. Dy komt oan de oarder by wurklistpunt 8.
- It ferslach wurdt ûnferoare fêststeld mei tank oan Gerrit Stegenga.

### **4. Jierferslach skriuwer oer 2024 (siden 19 oant en mei 21).**

- It ferslach wurdt ûnferoare fêststeld mei tank oan Kees van der Beek.

### **5. Ferslach rekkenopnimbers oer 2024 (Lelystêd en Meppel) en beneamen nije rekkenopnimbers (Meppel en Swol) (side 22)**

- De rekkenopnimbers wiene Anneriek Wielinga fan de krite Meppel en Jan Koopman fan Lelystêd. Yn de ferklearring, dy't Jan foarlêst, stiet, dat de boeken yn oarder wiene en dat rekkenopnimbers útstelle om de ponghâlder te désjarsjeren. Mei applaus geane de oanwêzigen akkoart mei de desjarzje fan de ponghâlder en it bestjoer foar it finansjele belied yn 2024.
- De foarsitter betanket de rekkenopnimber foar harren wurk.
- De nije rekkenopnimbers binne de krite Meppel en Swol. As dat nedich is, sil de krite Utert-Seist it plak fan Meppel ynnimme.

- De foarsitter betanket ponghâlder Jan Vogel foar syn wurk.

## 6. Finânsjes: (siden 22 en 23)

### a. Jierrekken ponghâlder 2024

De ponghâlder jout in taljochting op de jierrekken.

- Benammen de post bestjoerskosten is heger as begrut. Dat komt trochdat der mear bestjoersleden binne, der mear krite-besites ôflein binne en troch neikommen deklaraasjes foar 2023.
- Der binne gjin fragen oer de jierrekken, dy't dêrmei goedkard en fêststeld is.

### b. Begrutting 2025

De ponghâlder jout in taljochting op de begrutting.

- Der is in tekoart fan € 2.115 begrutte. Krekt as oare jierren is der – fia IFAT – € 3.500 subsydzje oanfrege, mar dy is noch net tasein. Dêrom kin it bedrach noch net op de begrutting opnaam wurde.
- Neist de € 3.500 is ek € 5.000 subsydzje oanfrege om toanielfoarstellingen troch Fryske selskippen by de kriteren mooglik te meitsjen. Yn april is der in gearkomste fan IFAT en yn maaie in gesprek mei subsydzjeferstrekker provinsje Fryslân.
- De ynlaggen fan de kriteren rinne tebek; it oantal kriteren en de oantallen leden fan dy kriteren rinne tebek. Underwilens geane oare kosten wol stadichoan omheech.

Der binne gjin fierdere fragen of opmerkingen oer de begrutting, dy't dêrmei goedkard en fêststeld is.

De foarsitter betanket ponghâlder Jan Vogel foar syn wurk.

## 7. Algemiene Gearkomste 2026 (side 23)

- De Algemiene Gearkomste wurdt op 28 maart 2026 hâlden. De foarsitter freget de kriteren om op dizze datum gjin kritegearkomsten te organisearjen.
- De foarsitter freget hokker krite yn 2026 gastkrite foar de AG wêze wol. Mooglik ien fan de kriteren, dy't oar jier in jubileum te fieren hawwe?  
Gerrit Stegenga nimt it wurd en meldet, dat de krite Apeldoorn, dy't yn desimber 2026 har 90-jierrich jubileum fiert, him oanbiedt as gastkrite. It bestjoer is hjir tige bliid mei en nimt it oanbod graach oan.

## 8. Toanielsaken: (siden 23 en 24) - IFAT (It Frysk Amateur Toaniel)

- Jan Bijkerk bringt ferslach út. Earder wie bekend makke, dat 2024 it lêste jier wie, dat dat IFAT subsydzje krije soe fan de provinsje Fryslân. Yn jannewaris ûntfong IFAT lykwols it ferrassende fersyk fan de provinsje om dochs sybsydzje oan te fregen foar 2025. Der lizze no twa subsydzjeoanfragen by de provinsje: ien 'reguliere' oanfraach fan € 3.500 en in oanfraach foar € 5.000 om Fryske selskippen by de kriteren spylje kinne te litten.
- It bestjoer is dwaande mei in plan foar dizze eventuele toanielsubsydzje. De kriteren hawwe in fragelist krigen, wêrmei it bestjoer in byld krije wol fan de kosten fan gearkomsten mei Fryske selskippen. Op basis fan de ûntfongen antwurden sil it bestjoer ynkoarten in útstel dwaan foar de besteging en ferdieling fan de eventuele subsydzje.
- Fierder sit der noch gjin skot yn in mooglike gearwurking mei Iepen DoEK; alle kontakten rinne dêrom noch fia IFAT. It IFAT-bestjoer bestiet út foarsitter Geert Louwes, Jan Bijkerk (Boun) en Piet Bloemsma (Boun). IFAT hat gjin bestjoerslid mear fan Selskip 1844; dit selskip is opheft.

**9. Bestjoer: Bestjoersferkiezing – foarsitter Jan Bijkerk is reglemintêr ôfgeand en Kees van der Beek is tuskentiids ôfgeand (side 24)**

- Foarsitter Jan Bijkerk is reglemintêr ôfgeand. Hy seit, dat hy noch ien kear foar fjouwer jier beskikber is.
- Skriuwer Kees van der Beek is tuskentiids ôfgien en dêrom is der in fakatuere yn it bestjoer. De foarsitter beklammet dat in nij bestjoerslid net automatysk de taak fan it ôftreden bestjoerslid krijt. Nei it tatreden fan in nij bestjoerslid wurde de taken binnen it bestjoer op 'e nij ferdiel.
- It bestjoer hat foar dizze AG gjin oanmeldingen foar it bestjoer krigen. De foarsitter freget of der no bestjoerskandiaten binne, mar dat is net it gefal. It bestjoer sil dus fierder moatte mei fiif bestjoersleden.
- Mei applaus giet de gearkomste akkoart mei de werferkiezing fan Jan Bijkerk.

Dêrnei stiet de foarsitter wiidweidich stil by it ôfskied fan skriuwer Kees van der Beek:

*“En dan fansels it ôfskie fan in fertroud gesicht, ús Bounsskriuwer Kees van der Beek. Kees is berne yn Jistrum. Hy is yn 2012 yn it Bounsbestjoer kommen, en hy hat doe de funksje fan skriuwer yn 2014 oernommen fan silger Hâns Weijer.*

*Kees is in hurde wurker! Yn it bysûnder yn de moannen foarôfgeand oan de AG, want dan hie hy it fleanende drok; dan moat der fan alles regele en byinoar socht wurde. De skriuwer yn in bestjoer is dochs de as wêr't om draait yn in feriening, dêr komt alles byinoar en fanôf dêr, moat ek wer in hiele protte de doar út. Fansels is it in moaie posysje yn in bestjoer, mar dan moat de omjouwing ek wol wat meiwurkje wolle en kinne. Ik hearde it him sa no en dan wol sizzen: “Moat ik der no wer efteroan? Elk hat dochs syn eigen ferantwurdlikheid!” Mar ja, sa giet dat no ien kear yn de tsjintwurdige tiid. Elkenien hat it drok en lit soms sokke dingen lizze. Mar Kees hat wol gelyk!*

*Fansels hawwe wy tige bewûndering foar syn skriuwen. Om elk jier it Ambyld, dat grootfol mei ynformaasje stiet, wer op tiid klear te krijen. Dat dogge net folle minsken him nei! Fierder wie Kees de fertsjintwurdiger foar De Fryske Beweging: op 'e jûn nei de gearkomsten yn Ljouwert ta, en dan faaks let wer thús.*

*Bêste minsken, as skriuwer hat hy yn de ôfrûne 13 jier ferskriklik syn bêst dien om it Frysk Boun te betsinjen, mar dêr is no in ein oan kaam. Syn eigen krite Hurderwyk bestiet net mear, hy is ferhúze nei Velp, in nije omjouwing, dus de bining is ek wat minder wurden. It wurk as skriuwer is, seker as men wat âlder wurdt en it goed dwaan wol, ek swier. Dat binne de saken dy't der ta lied hawwe, dat Kees syn skriuwerskip en syn bestjoerslidmaatskip oan de wylgen hingje wol. En dat respektarje wy fansels.”*

Dan freget de foarsitter Kees om nei foaren te kommen.

*“Kees, tige tank foar dyn krewearjen foar it Keninklik Frysk Boun om Utens. Wy nimme yn de kommende tiid noch ris yn lyts ferbân ôfskie fan dy. Dan kin Siska der ek by wêze. Mar foar bestjoersleden dy't sa lang en sa dreaun it skriuwerskip útfierd hawwe, dêr heard in beleaning by en dat binne net allinnich blommen. Bêste minsken, wy as bestjoer wolle jimme, as Algemiene gearkomste, it útstel foarlizze, om Kees ta earelid te befoarderjen. Wy wolle graach fan jimme hearre, mei hantsjeklap, of jimme it dêr mei iens binne.”*

De gearkomste giet mei entûsjast applaus akkoart. Dan giet de foarsitter fierder:

*“Bêste Kees, wy dogge it op in oare wize as yn it ferline en ik sil dy en jimme sizze wêrom. Wy tochten dasto de foarried oan earelidspeldsjes sels thús bewarrest en wy woenen dy dêr fansels net om freegje, want dan wie it net mear in fernuvering. Fandêr dat wy dy hjoed earst mei oare fersierselen it earelidmaatskip jaan wolle.”*

De foarsitter speldet Kees in spesjaal earelid-nammekaartsje op en der folgje felisitaasjes en foto’s. Mar dan seit de foarsitter:

*“Mar, doe’t wy fan’e wike by Kees wienen, om nei te gean wat syn wurksomheden allegearre binne, hawwe wy ek syn argyf meinommen. En wat kamen wy dêr yn tsjin? Jimme begrype it al, de earelidspeldsjes! Dus Kees, dan kinne wy dy hjoed ek noch it earelidspeldsje oerhandigje!”*

Kees, dy’t sichtber ûnder de yndruk is, krijt it earespeldsje op syn revers. Ut hannen fan Gerrita Otten krijt hij de fernijde ferzje fan de Bouns-oarkonde dy’t by it earelidmaatskip heart. Dan folgje mear foto’s en Kees krijt blommen foar syn frou Siska, dy ‘t der hjoed net by wêze kin. De foarsitter freget Kees om ús betterskipswinsken oan har oer te bringen. Nei noch in lêste applaus fan de gearkomste is it ôfskie fan Kees van der Beek in feit.

#### **10. Takomst KFBou - Belieds- en wurkplan 2025 – 2027 (siden 25 oant en mei 31)**

Yn it Ambyld stiet it útstel fan it bestjoer foar in belieds- en wurkplan foar de takomst fan it Boun. Foar de ôfhanneling fan it útstel steane (ûnder ‘wurkwize’) fjouwer fragen dêr’t it bestjoer graach in antwurd op ha wol. As de gearkomste mei it plan ynstimt, stelt it bestjoer út om in wurkgroep Takomst yn te stellen.

De foarsitter jout earst de gelegenheid om op it útstel te reagearjen.

- Jan Piet Bergmans (krite Utert-Seist) fynt dat it stik in goede analyse jout. Hy freget him wol ôf, hoe mjitten wurde moat of der ferlet (fan in organisaasje fan Friezen bûten Fryslân) is.
- De krite Swol freget wêrom it stik fan 2025 oant en mei 2027 rint en net oant en mei 2029. It antwurd is, dat wy net witte net hoe lang’t der noch kriterien wêze sille. Wy moatte op koarte termyn aksje ûndernimme, oars hoecht it net mear.

Der binne gjin opmerkingen of fragen mear. De foarsitter giet fierder mei de fjouwer fragen en freget de oanwêzigen om de hân op te stekken as it antwurd op de fraach ‘ja’ is.

**1. Kin de gearkomste him fine yn de skets fan de situaasje en fan it fraachstik?**

*It antwurd fan de gearkomste is ‘ja’.*

**2. Kin de gearkomste him fine yn de útgangspunten foar it foarstelde belied?**

*It antwurd fan de gearkomste is ‘ja’.*

**3. Kin de gearkomste him fine yn de foarstelde taken en aksjes yn it wurkplan?**

- It bestjoer meldet hjir noch – yn reaksje op de fraach fan Jan Piet Bergmans – dat it yn it wurkplan giet om ferlet (fan in organisaasje) út de provinsje of oare organisaasjes. En dan gjin ferfolch op wat al 100 jier bestiet, mar oare foarmen dy ‘t har oankundigje.

- Mei de eventuele € 5.000 toanielsubsydzje kinne troch ûnderlinge gearwurking fan kriteren mooglik dochs Fryske toanielstikken yn it lân spile wurde. Wy wachtsje op it beslút fan de provinsje.

*It antwurd fan de gearkomste is 'ja'.*

**4. Kin de gearkomste ynstimme mei it foarstelde Belieds- en wurkplan 2025-2027?**

- Der wurdt frege wat de eveneminten binne, dy't yn it wurkplan neamd wurde ûnder 'Taken en askjes', punt 4. → Dêr wurdt neat spesifyks mei bedoeld; it kin fan alles wêze.

*It antwurd fan de gearkomste is 'ja'.*

**5. De gearkomste stimt yn met it Belieds- en wurkplan 2025-2027.**

**Giet de gearkomste ek akkoart mei it útstel om in wurkgroep 'Takomst' te foarmjen, dy't mei it bestjoer de aksjes yn it Wurkplan 2025-2027 fierder útwurkje sil?**

- Swol twyfelt en wol earst witte of der wol ferlet is fan sa'n wurkgroep.
- Der folget in diskusje. De ûnderfining fan in oantal kriteren is, dat der gjin minsken mear nei de kritegearkomsten komme, ek net as der advertearre wurdt.
- It bestjoer beklammet, dat het foarlizzende útstel oer de takomstsenario's fan it Boun giet. De kriteren binne autonoom en kinne – ek sûnder Boun – noch sa lang bestean as sy wolle. As der gjin kriteren mear oerbliuwe, kin der ek gjin Boun fan kriteren mear wêze. As anst mear kriteren opheft wurde, wat is dan it moment om it tiidrek 'Keninklik Frysk Boun om Utens' kreas ôf te rûnjen en op hokker wize wolle wy dat?
- Der wurdt opmurken, dat men ek jins ferantwurdlikheid nimme moat. As in krite net langer bestean kin, omdat der gjin bestjoersleden mear binne, kin der mooglik noch wol 'wat oars' komme.

*It antwurd fan de gearkomste is 'ja'.*

It soe moai wêze as de wurkgroep Takomst út fjouwer leden bestiet. Ut namme fan it bestjoer sille Jan Bijkerk en Piet Bloemsma dielnimme yn de wurkgroep. De foarsitter freget of ien fan de oanwêzigen belangstelling hat. Gerrit Stegenga (krite Apeldoarn) seit, dat hy der oer neitinke sil.

Om de beslútfoarming te formalisearjen freget de foarsitter no alle oanwêzige kriteren om harren akkoart foar it Belieds- en wurkplan 2025-2027 en it ynstellen fan de wurkgroep. Alle kriteren binne akkoart en dêrmei is it beslút naam.

**11. Kontakt bestjoersleden mei de kriteren (side 32)**

Der binne gjin fragen oer dit punt. Troch de opheffing fan de kriteren Meppel en Assen en fanwegen it ôftreden fan Kees van der Beek, sil it bestjoer de kriteren op'e nij ferdiele oer de bestjoersleden.

**12. Moetings- en Ynspiraasje middei 2026 (ideeën) en ferslach fan 2024 (side 32 oant en mei 34)**

- Yn it ferslach fan de MYM 2024 moat yn de twadde alinea 'identiteit' wizige wurde yn 'identiteit'.
- Foar de Moetings- en Ynspiraasjemiddei (MYM) fan hjoed soe in sprekker komme fan it Agrarysk Natuer Fûns Fryslân, mar dy organisaasje hie hjoed har iepen dei. Wy hawwe it Fûns op'e nij frege en sy hawwe tasein dat sy yn 2026 komme sille.

### 13. Mediasaken/Omrop Fryslân (side 34)

Kontaktpersoan foar Mediasaken Jan Piet Bergmans bringt ferslach út:

*“Ik gean efkes yn op 2 punten. Punt 1 is de bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer en punt 2 de opnamen troch Omrop Fryslân foar Omrop Max.*

#### Punt 1

*Yn it Ambyld nr. 53 ha ik it by mediasaken hân oer de diskusje dy't fierd is yn Den Haach oer de takomst fan de twadde rykstaal. De oanlieding is it opnij formulearjen fan de 'Bestjoersôfspraak Fryske Taal en Kultuer' (BFTK 2024-2028). De ôfspraken binne makke en foar fiif jier fêstlein. Foar dy fiif jier stelt it Ryk 18 miljoen beskikber om dy ôfspraken út te fieren. De bestjoersôfspraak is 8 april 2024 ûndertekene troch minister Hugo de Jonge fan Ynlânske Zaken en Kommissaris fan de Kening Arno Brok.*

#### Punt 2

*Omrop Max hat it programma 'Expeditie Nederland'. Yn dit programma wurdt gebrûk makke fan de regionale omroppen dy't reportaazjes meitsje en dy wurde dan útstjoerd op de lanlike telefyzje. It plan wie om filmopnamen te meitsjen by in Fryske krite. Der wie wol in betingst: it moast net in passive gearkomste wêze sa as in toanieljûn of harkje nei in koar; de Friezen moasten aktyf wêze. Wy hienen op 14 desimber 2024 in middei mei ferskate aktiviteiten yn teams sa as kwisfragen, spultsjes en puzels. En sa ha twa hearen fan Omrop Fryslân dy middei filmopnamen makke en ynterviews dien mei ferskate leden. In seleksje fan dizze opnamen is op 27 jannewaris 2025 útstjoerd op NPO2. Omrop Fryslân sil dizze opnamen ek noch útstjoere, mar dy datum is noch net bekend.”*

De foarsitter betanket Jan Piet foar syn ferslach.

### 14. Promoasje Boun (side 34)

- Fan no ôf kinne de kriterien harren ynformaasje oer de kritegearkomsten streekrjocht nei foarsitter Jan Bijkerk stjoere. Hy set de data yn it oersicht op de webside.
- Oan de redaksje fan it Bûsboekje is trochjûn dat der (al wer) minder kriterien binne; de ynformaasje wurdt op it stuit fluch âlder.

### 15. Nijsfoarsjenning nei de kriterien ta (side 35)

Der wurdt frege of it mooglik is, om de Ynfomap fan de webside ôf te heljen. Yn de map steane no minsken dy't al ferstoarn binne.

- It bestjoer freget om ynformaasje oer ferstoarnen troch te jaan. Dizze nammen wurde dan út de map helje. Fierder wurdt de map sûnt 1 jannewaris 2025 net mear bijwurke en dat stiet ek dúdlik oanjûn. De map bliuwt noch op de webside stean, omdat kriterien oanjûn hawwe, dat sy de ynformaasje so no en dan noch brûke.

### 16. Folkshogeskoalle Schylgeralân (siden 35 en 36)

Der binne gjin fragen of opmerkingen oer dit wurklistpunt. Sjoerd Bakker hat nei Skylge ta west, mar omdat hy hjoed net oanwêzich is, kin hy der net persoanlik ferslach fan útbringe.

### 17. Wat fierder noch op it aljemint komt – omfreegjen

Krite Boadegraven freget of der wolris kontakt mei de Fryske studinteferienings is.

- Nee, der is net folle kontakt, al wurde alle ferienings wol útnûge foar de AG en krije it Ambyld tastjoerd. Wageningen reagearret as ieniche op útnûgingen fan it Boun. Grins stjoert it

ferieningsblêd, mar as wy der op reagearre, witte sy net wa't wy binne. Der is gjin kontakt mear mei Ald-Gillis yn Delft. Dat kontakt ferrûn eartiids fia Hylke de Haan.

De Federaasje fan Fryske studinteferienings organisearret ien kear yn 't jier in gearkomste mei in serieuus en in feestlik part. Hjir krije wy gjin foet tusken de door. Nei de lêst kear (jubileum Boun yn september 2023) is der gjin kontakt mear west mei Weinum.

### **18. Sluten fan de 101e Algemeine Gearkomste**

De foarsitter tanket elkenien foar syn ynbring en gastkrite Utert-Seist foar de gastfrijens.

Foar de Moetings- en Ynspiraasjemiddei mei Sprekker Sjirk Bruinsma wurdt elkenien om 13:10 oere werom yn'e seal ferwachte.

Foarsitter Jan Bijkerk slút de gearkomste om 12:02 oere.

*Gerrita Otten-Onrust*

## Jierferslach skriuwer 2025

Dit is it jierferslach fan de skriuwer fan it Keninklik Frysk Boun om Utens oer 2025.

### Bestjoer

#### Gearstalling bestjoer

Yn 2025 wie de gearstalling fan it bestjoer as folget:

- Foarsitter: Jan Bijkerk (Lelystêd)
- Skriuwer: Kees van der Beek, oant 29 maart 2025; (gjin krite)  
Gerrita Otten-Onrust, fan 29 maart ôf; (Utert-Seist)
- Ponghâlder: Jan Vogel (Hoarn)
- Algemien: Luit Dijk (Lelystêd)
- Algemien: Piet Bloemsma (Utert-Seist)

#### Wiziging bestjoer

Nei it ôfgean fan skriuwer Kees van der Beek yn de AG op 29 maart 2025 hawwe de fiif oerbliuwende bestjoersleden de bestjoerstaken en -wurksomheden ûnderling op'e nij ferdiel.

#### Wurkgroepen

De AG fan 2025 hat besletten ta it foarmjen fan in wurkgroep 'Takomst', dy't mei it bestjoer de aksjes yn it Wurkplan 2025-2027 fierder útwurkje sil. Dizze wurkgroep is ein 2025 gearstald en bestiet út Jan Bijkerk, Piet Bloemsma en Jantsje Meijer (krite Lelystêd). De wurkgroep sil yn jannewaris 2026 útein sette.

#### Taken

Webmaster fan ús webside [www.fryskbutenfryslan.fr](http://www.fryskbutenfryslan.fr) is Jan Bijkerk.

#### Ferstjintwurdiging yn oare organisaasjes

- Jan Bijkerk en Piet Bloemsma wiene fertsjintwurdige nei it IFAT.
  - *It Frysk Amateuroaniel (IFAT) is sûnt 1953 de lanlike organisaasje dy't mei lanlike subsydze – sûnt 2002 yn it ramt fan de Bestjoersôfspraak 'Friese Taal en Cultuur – aktiviteiten fan DoEk (de koepelorganisaasje foar Frysk amateurateäter) en It Keninklik Frysk Boun om Utens en harren kriteren, befoardert en stipt.*
- Kees van der Beek en Piet Bloemsma wienen fertsjintwurdige nei De Fryske Beweging (DFB). Nei de AG fan 2025 hat Luit Dijk it plak fan Kees oernommen.

- *De Fryske Beweging is sûnt 1945 it oerkoepeljend ferbân fan minsken, selskippen en organisaasjes dy't harren ynsette foar de Fryske taal en kultuer en de Fryske belangen yn it algemien.*
- Sjoch op [www.defryskebeweging.frl](http://www.defryskebeweging.frl) en <https://goeie.frl>.

### Kontaktpersoan

- Jan Piet Bergmans wie kontaktpersoan foar it bestjoer foar Mediasaken/Omrop Fryslân.

### Bestjoersgearkomsten en ôffurdiging

It bestjoer hat yn 2025 op ûndersteande data foar oerlis by-inoar west en/of bestjoersleden ôffurdige nei:

- 31 jannewaris: Lêste gearkomste krite Súdeast-Drinte
- **4 febrewaris: KFBou-bestjoersgearkomste**
- **11 maart: KFBou-bestjoersgearkomste fia Teams**
- 15 maart: Lêste gearkomste krite Meppel
- **29 maart: KFBou Algemiene Gearkomste en MYM 2025**
- 11 april: Lêste gearkomste krite Assen
- **28 april: KFBou-bestjoersgearkomste**
- 10 maaie: 'Bewegingsdei' 80 jier De Fryske Beweging
- 21 maaie: Oerlis IFAT-bestjoer mei Iepen DoEk
- 2 juni: Oerlis IFAT-bestjoer mei provinsje Fryslân
- **13 oktober: KFBou-bestjoersgearkomste**
- 10 novimber: IFAT-bestjoersgearkomste
- **8 desimber: KFBou-bestjoersgearkomste**
- 29 desimber: Oerlis tarieding AG 2026 mei krite Apeldoarn

### Eareleden

Us earelid en âld-foarsitter Stoffel Haagsma fan De Gordyk is op 17 july 2025 ferstoarn. It bestjoer wie ferstjintwurdige by de útfeart yn syn berteplak Wikel.

Op 31 desimber 2025 hawwe wy twa eareleden:

- **Sjoerd D.A. Bakker fan Dalfsen**, âld-ponghâlder fan it Boun
- **Kees van der Beek fan Velp**, âld-skriuwer fan it Boun.

### Kriten

#### Oantal kriten en ledetallen

Lykas ferwachte set de trend fan delgeande ledetallen en it lytser wurdende tal kriten troch.

It Boun sette it jier útein mei alve kriterien, dy't mei-inoar 842 leden hiene. Spitigernôch hawwe trije fan dizze kriterien yn 2025 harren lêste gearkomste hâlden, wêrnei't dizze kriterien opheft binne.

- Op 23 jannewaris 2025 wie de krite 'Súdeast-Drinte' foar de lêste kear by-inoar.
- Op 15 maart 2025 wie de lêste gearkomste fan krite 'Waling Dykstra' fan Meppel.
- Op 11 april 2025 foel it doek foar krite 'Us Memmetaal' fan Assen, dy 't op dy dei ek it 90-jierrich jubileum fierde.

Op 31 desimber 2025 binne der noch acht oansluten kriterien: Apeldoarn, Boadegraven, Hilversum, Hoarn, Lelystêd, Swol, Twinte en Utert-Seist mei yn totaal 584 leden.

### **Ynformaasje en krite-aktiviteiten**

De ynformaasje oer 2025 dy't it Boun fan de kriterien ûntfongen hat, is ferwurke yn de oersichten op de lêste siden fan dit jierferslach. It giet om: de stiftingsjierren en jubilea fan de kriterien, de hichte fan kontribúsje en tagongsprizen fan gearkomsten, in oersicht fan de ferskate krite-aktiviteiten yn 2025 en de list fan nammen en emailadressen fan de acht krite-skriuwers.

### **E-mailstipers**

Yn it ramt fan PLAN23 is it mooglyk makke e-mailstiper fan it Boun te wurden. Oan it begjin fan 2024 wiene der rom 120 e-mailstipers. Sels út Nij Seelân, Kanada, Dútslân en Spanje binne der e-mailstipers! Oan de ein fan 2025 stie de teller op 118.

### **AVG – Algemene Verordening Gegevensbescherming – Privacy**

Yn it ramt fan de privacywet, de AVG, binne wy ferplicht belanghawwenden dúdlik te meitsjen hokker gegevens wy fan harren hawwe, mei hokker doel, wat de bewartiid is en wa't dêr ynsicht yn hat.

Op dit stuit bewarret de Bounsskriuwer de neikommende gegevens fan de bestjoersleden fan kriterien en oare persoanen, dy't (tydlik) wurksumheden foar it bestjoer útfiere en/of (mei) yn in wurkgroep sitte: foarnamme(n) of foarletter(s), achternamme, adres, postkoade, wenplak telefoannûmer en adres. De gegevens wurde allinnich brûkt om mei de neamde persoanen te kommunisearjen en wurde nea sûnder tastimming oan treden oanbean. De gegevens binne allinnich yn te sjen foar de Bounbestjoersleden, of it moat wêze, dat de gegevens ek te finen binne by de ynformaasje oer de kriterien op de webside fan it Boun of yn de kritekrantsjes dy't de kriterien dêr publisearje (litte).

### **Promoasje Boun en nijsfoarsjenning kriterien**

It bestjoer tinkt der om, dat aktuele ynformaasje oer it Boun goed te finen is en op ferskate

plakken neamd wurdt, bygelyks yn it Bûsboekje. Us webside [www.fryskbutenfryslan.frl](http://www.fryskbutenfryslan.frl) is it sintrale punt mei ynformaasje oer it Boun en oer de krite en harren aktiviteiten.

Sa stiet op de webside in kalinder mei krite-aktiviteiten fan alle krite. Yn de ferskate kritekrantsjes is mear ynformaasje oer dizze aktiviteiten en oer de krite sels te finen. Nije ferzjes fan kriteblêden kinne nei de foarsitter stjoerd wurde, dy't se op de webside set.

De Ynformaasjemap foar krite wurdt sûnt febrewaris 2025 net mear bywurke, mar der binne in soad suggestjes foar gearkomsten en links nei nijsgjirrichge websides te finen.

De redaksje fan de webside is yn handen fan Jan Bijkerk. It Ambyld mei de jierstikken fan it Boun wurdt nei de foarsitters en skriuwers fan de krite ferstjoerd en nei tal fan Fryske organisaasjes en media.

### **Studinteferienings**

Der binne trije Fryske studinteferienings om utens: *FFJ Bernlef* yn Grins (Feriening foar Fryske Jongerein Bernlef, oprjochte yn 1925), *DSSFS Aldgillis* yn Delft (Delfske Studinte Selskip foar Fryske Stúdzje, oprjochte yn 1931) en *It WSSFS* yn Wageningen (It Wageningsk Studinte Selskip foar Fryske Stúdzje, oprjochte yn 1930). It binne foaral gesellichheids-ferienigings, dêr't it Frysk praten bynt. Harren aktiviteiten binne net spesifyk rjochte op it behâlden en út dragen fan it Frysk. Der liket gjin bining mei it Boun (mear) field te wurden. De trije ferienings krije wol alle jierren in útnûging foar ús AG.

Sjoch [www.bernlef.frl](http://www.bernlef.frl), [www.aldgillisdelft.nl](http://www.aldgillisdelft.nl) en [www.wssfs.nl](http://www.wssfs.nl).

### **Folkshegeskoalle Schylgeralân (De Folks)**

De Folks op Skylge fersoarget en organisearret meardaagse kursussen en aktiviteiten (û.o. dy't Fryslân en de Fryske taal en kultuer betrefte) en stelt fasiliteiten beskikber foar aktiviteiten dy't in edukatyf of (sosjaal-)kultureel karakter hawwe. De Folks is is in trefpunt midden yn de natoer mei woartels yn de Fryske mienskip.

Sa is der al 75 jier in hechte groep frijwilligers, de Putsjeploech, dy't aktyf is yn de Putsjewike: in wurkwike fol oanpakke, bouwe, herstelle én gesellichheid. De groep bestiet út fakminsk en handige entûsjastelingen, û.o. fan de Fryske krite, mei in hert foar de doelstellings fan De Folks. Sjoch [www.defolks.nl](http://www.defolks.nl).

### **Ta beslút**

It bestjoer tanket alle krite foar harren ynset en gearwurking mei it Boun yn 2025 en winksjet elkenien in moai en noflik ferieningsjier mei in soad wille en Frysk fertier.

*Gerrita Otten-Onrust,*  
*skriuwer*

**Ynformaasje kriterien 2025**

Kriterien - algemien								
Krite	Namme	Oprjochting		Jubilea				
		Jier	Datum	2025	2026	2027	2028	2029
Apeldoarn	<i>Fier fan Hûs</i>	1901	9 des.		125			
Boadegraven	<i>Fier fan Hûs</i>	1946	15 jann.		80			
Hilversum	<i>Frysk en Frij</i>	1947	8 mrt.			80		
Hoarn	<i>Troch de Tael Forboun</i>	1911	11 nov.		115			
Twente	<i>Freonen Fryske Kultuer</i>	1980	22 maaie.	45				
Lelystêd	<i>De Sékrite</i>	1971	25 nov.		55			
Swol	<i>Frysk Selskip Swol</i>	1899	8 feb.					130
Utert-Seist <sup>1</sup>	<i>Mei Inoar Ien</i>	2019	18 mrt.					10

<sup>1</sup> De eardere kriterien fan Utert (oprjochte yn 1901) en Seist (oprjochte yn 1928) binne yn 2019 fusearre ta de nije krite 'Mei Inoar Ien'.

Kriterien - ledetallen en finansjes								
Krite	Ledetal		Ynlage/kontribúsje yn euro's		Tagongsprizen yn euro's			
	31 des. 2024	31 des. 2025	Per persoan	It pear	Lytse gearkomste		Grutte gearkomste (toaniel, kabaret, ensf.)	
					Min.	Maks.	Min.	Maks.
Apeldoarn	81	75	15,-	30,-	20,-	20,-	20,-	20,-
Assen	101	--						
Boadegraven	53	50	10,-	20,-	12,50	15,-	--	--
Hilversum	70	65	20,-	40,-	10,-	15,-	15,-	20,-
Hoarn	72	70	15,-	30,-	--	--	7,50	15,-
Lelystêd	84	74	25,-	50,-	--	--	12,50	12,50
Meppel	39	--						
Súdeast-Drinte	60	--						
Swol	86	84	38,-	76,-	--	10,-	--	10,-
Twinte	104	82	20,-	45,-	--	--	--	10,-
Utert-Seist	92	84	15,-	30,-	5,-	5,-	10,-	15,-
<b>Totaal</b>	<b>842</b>	<b>584</b>						

Krite-aktiviteiten								
Krite	APEL	BOAD	HILV	HOAR	TWIN	LELY	SWOL	UT-SEI
Gearkomsten (oantal)	4	3	1	5	5	6	4	5
Toaniel	1 / 35	1 / 22		1 / 20 1 / 32		1 / 43 1 / 44		
Kabaret	1 / 40	1 / 25						1 / 44 AG
Koar	1 / 30	1 / 26				1 / 52		1 / 29
Muzikant / muzykselskip			1 / 25		1	1 / 45	1 / 43	
Krystgearkomste							1 / 63 muzikant	1 / 20
Nijjiersbesite				1 / 30		1 / 39	1 / 53 sprekker	1 / 26 sprekker
Stúdzje-gearkomste								
Lêzing / sprekker				1 / 39		1 / 18		1 / 28
Ekskurzje					1			
Oars	(Ekstra) algemiene ledegearkomste			1 / 26 sprekker	1		1 / 45 sprekker	1 / 21
	Middei mei kontaktpersoanen en leden	1 / 20						
	Film				1			
	Gesellige middei troch eigen minsken				1			

Oare aktiviteiten	APEL	BOAD	HILV	HOAR	TWEN	LELY	SWOL	UT-SEI
Krite hat in koar	Nee	Nee	Nee	Nee	Nee	Ja	Nee <sup>a</sup>	Nee
Krite hat in lê- /stúdzjegroep	Nee	Ja	Nee	Nee	Nee	Ja (2)	Ja (2)	Nee <sup>b</sup>
Ferkeap (healsliten) boeken	2	--	1	--	--	2	--	5
Opbringst boekferkeap yn euro's	105,-		25,-			60,-		146,-
Kriteblêd (oantal edsysjes)	2	1	1	4	3	5	4	5
Nijsbrief	--	2	--			--	--	--
Advertearders yn kriteblêd	Nee		Nee	Ja	Nee	Ja	Ja	Nee

<sup>a</sup> Krite Swol hat in selsstannich koar;

<sup>b</sup> Yn Utert, Seist (en wide omkriten) is in selsstannige lêsgroep.

bylage 2 – bylage 2 – bylage 2 – bylage 2 – bylage 2 – bylage 2 – bylage 2 – bylage 2 – bylage 2 – bylage 2 – bylage 2

<b>Krite-skriuwers</b>		
<b>Krite</b>	<b>Skriuwer</b>	<b>Emailadres</b>
Apeldoarn	Gerrit Stegenga	fierfanhus.apeldoorn@gmail.com
Boadegraven	Tini Broere-Tiesinga	tinibroere@kpnmail.nl
Hilversum	A.R. Koopmans-Nieuwland	kritehilversum@gmail.com
Hoarn	Jan Vogel	yellowbirds53@gmail.com
Twinte	Janroel Salomons	X@8379.nl
Lelystêd	Luit Dijk	luit.dijk@kpnmail.nl
Swol	Jolanda Lootens	jolandalootens@live.nl
Utert-Seist	Jan Piet Bergmans	j.p.bergmans@casema.nl

**Jierrekken 2025 en begutting 2026**

REKKEN FAN BATEN EN LESTEN 2025 en BEGRUTTING 2026							
BATEN	Begutting 2025	Rekken 2025	Begutting 2026	LESTEN	Begutting 2025	Rekken 2025	Begutting 2026
Ynlage fan de krite	€ 400,00	€ 351,50	€ 275,00	Feriening en bestjoer	€ 1.100,00	€ 1.035,73	€ 1.050,00
Bydragen publisiteitskosten	€ 135,00	€ 171,30	€ 120,00	Publisiteit <sup>3</sup>	€ 200,00	€ 405,81	€ 400,00
Rintes	€ 50,00	€ 180,98	€ 175,00	AG/MYM 2026 - diel foar KFBou <sup>4</sup>	€ 1.500,00	€ 1.624,00	€ 1.500,00
Ynlis dielnimmers AG & MYM 2026	€ 500,00	€ 525,00	€ 500,00	Kontribúsjes en stipes	€ 60,00	€ 60,00	€ 50,00
Jeften <sup>1</sup>		€ 727,01	€ 100,00	Bankkosten	€ 350,00	€ 312,49	€ 350,00
IFAT-subsydje provinsje AG/MYM 2025 <sup>2</sup>		€ 2.646,65		Ledekaarten 2025-2026		€ 75,00	
Tekoart	€ 2.125,00		€ 2.180,00			€ 1.089,41	
<b>BATEN mei-inoar</b>	<b>€ 3.210,00</b>	<b>€ 4.602,44</b>	<b>€ 3.350,00</b>	<b>LESTEN mei-inoar</b>	<b>€ 3.210,00</b>	<b>€ 4.602,44</b>	<b>€ 3.350,00</b>

BALANS 31 DESIMBER 2025			
DEBET	31 des. 2024	31 des. 2025	KREDIT
ING Saaklik gewoan	€ 102,90	€ 39,68	Kapitaal
ING Sparrekken <sup>10</sup>	€ 12.228,65	€ 21.359,11	Algemeine reserve <sup>9</sup>
Rinte 2024 sparrekken	€ 180,46		Noch te beteljen yn 2026
Rinte 2025 sparrekken		€ 180,98	Ledekaarten 2024-2025
IFAT-subsydje provinsje AG/MYM 2024 <sup>6</sup>	€ 2.050,00		Ledekaarten 2025-2026
			Subsydije foar toanielfoarstellingen <sup>7</sup>
			Noch werom te beteljen oan provinsje <sup>8</sup>
<b>BALANSTOTAAL mei-inoar</b>	<b>€ 14.562,01</b>	<b>€ 21.579,77</b>	<b>BALANSTOTAAL mei-inoar</b>
			31 des. 2024
			€ 6.487,01
			€ 8.000,00
			€ 75,00
			€ 75,00
			€ 5.000,00
			€ 853,35
			€ 14.562,01
			€ 21.579,77

## Taljochting jierrekken 2025

### Taljochting op de rekken fan baten en lesten 2025

We hawwe in oerskot fan € 1.089,41. Dit komt iendiels troch de subsydzje dy fia it IFAT fan de provinsje Fryslân kommen is ( <sup>2</sup> ) en de hichte fan de jeften ( <sup>1</sup> ).

#### Opmerkingen

1. Troch it opheffen fan de krite SED en it oerdragen fan harren oerbleaune fermogen oan it Boun, falle de 'jeften' folle heger út. Ek is in diel fan de reiskosten fan it bestjoer net útbetelle, mar as 'jeft' opnommen.
2. Dizze € 2.646,65 is provinsjale subsydzje foar de AG/MYM fan 2025; de totale subsydzje wie € 3.500,-. It ferskil moat werom betelle wurde, sjoch ( <sup>8</sup> ).
3. De kosten van de publisiteit binne heger as begrutte, û.o. troch dat de webside en bounsmail flink djoerder wurden is binne.
4. Dit is it diel fan de kosten fan de AG/MYM fan 2025 foar rekken fan it KFBou (net fan de krite Utert/Seist), ekskl. bestjoerskosten enfh.

### Taljochting op de balâns 2025

#### Opmerkingen

5. Dit is de provinsjale subsydzje foar de AG/MYM fan 2024 , mar dy yn 2025 troch it IFAT betelle is;
6. Dizze € 5.000,- is bestimd as provinsjale subsydzje foar de kosten fan optredens foar Fryske selskippen en sil yn 2026 útbetelle wurde;
7. Dit is in diel fan de € 3.500,- subsydzje fan de provinsje foar de AG/MYM fan 2025 dy't it Boun, konform de wirklike kostenopstelling, werom betelje moat oan de provinsje (€ 3.500,- minus € 2.646,65);
8. Algemiene reserve ôfsplitst fan kapitaal/reserve;
9. De sparrekken oan it ein fan it jier is flink heger as oan it begjin fan it jier. Dit komt û.o. troch it ûntfongen subsydzejild (€ 8.500,-).

Op de balâns stiet twa kear, dat noch ledekaarten betelle wurde moatte. Foar de kaarten fan 2024/2025 en kaarten fan 2025/2026 hawwe wy noch gjin rekken krigen; sy binne noch net betelle.

## Taljochting begrutting 2026

Neffens de begrutting 2026 komme we sa'n € 2.200 tekoart. Der is fanôf 2026 gjin subsudzje mear fan it IFAT; de provinsje jout gjin boekjerssubsydzje mear.

## Toanielsaken: It Frysk Amateur Toaniel (IFAT) en subsydzjes

### Bestjoer en gearkomsten

Ut namme fan it KFBou hawwe Jan Bijkerk en Piet Bloemsma sit yn it bestjoer fan it IFAT. Foarsitter Geert Louwes is it tredde bestjoerslid. It bestjoer hat yn 2025 twa kear in bestjoersgearkomste hân, ien kear yn petear west mei de provinsje Fryslân en inkele oerlizzen hân fia Teams. Ek binne dit jier in protte emailberjochten en telefoantsjes mei de provinsje Fryslân útwiksele fanwegen de behanneling fan de subsydzje-oanfragen.

### Subsydzje fan de provinsje Fryslân

It jierliks oanfreegjen by de provinsje fan saneamde boekjier-subsydzje foar it KFBou giet al jierren fia it IFAT as subsydzje-koördinator.

Foar it jier 2025 hat de provinsje it KFBou € 8.500 subsydzje ferliend en oermakke. It giet om in bedrach fan € 3.500 foar de AG/MYM-dei fan 29 maart 2025 en in bedrach foar ien kear fan € 5.000 om toanielselskippen út Fryslân bûten Fryslân mei namme bij de Fryske krite spylje kinne te litten.

De oanfraach fan € 15.000 foar ûndersyk nei mooglikheden fan gearwurking en fan it kommen ta in krêftige organisaasje foar it fersterken en mear brûken fan de Fryske taal, is ôfwiid. Ek de oanfraach fan € 1.000 foar de organisaasjekosten fan IFAT is net honorearre.

It beslút oer de subsydzje fan € 5.000 is ûngewoan let nommen (ein septimber 2025) mei wol de betingst, dat it jild yn 2025 bestege wurde moast. Dat wie likernôch net te dwaan. Yn oerlis mei de provinsje is besocht om dêr, yn gearwurking mei de krite, in oplossing foar te finen mei behâld fan de bedoelde effekten. It liket der op, dat dit slagje sil.

Fan 2026 ôf wurdt der troch de provinsje gjin boekjier-subsydzje mear ferliend. It is allinne noch mooglik subsydzje te freegjen binnen de regeling 'Ynsidintele subsydzjes'. Ek de koördinearjende rol fan it IFAT by de subsydzjeferliening ferfalt. Sûnder dizze rol en sûnder toanielploechen bij de Fryske krite falt de grûn wei foar it partisipearjen fan it KFBou yn IFAT. Yn 2026 sil it KFBou in beslút nimme oer har rol yn IFAT.

### Takomst IFAT en de stipe fan it Fryske Amateurtoaniel

Salang as IFAT noch bestiet en it KFBou dêryn meidocht, is it KFBou noch mei warber om it Frysk amateurtoaniel te stimulearjen. Yn Fryslân wurdt it Frysk amateurtoaniel foaral stipe troch de stifting Iepen Doek as stiper en belangebehertiger fan 135 Fryske toanielselskippen. En ek troch de stifting Keunstwurk as de provinsjale en profesjonele organisaasje foar it stypjen fan de Fryske kultuer. De relaasje en gearwurking tusken Iepen Doek en Keunstwurk rinne net goed. It bestjoer fan it IFAT lit yn him omgean, him yn 2026 yn te setten foar it

ferbetterjen fan dy relaasje, om dêrmei de feitlike stipe foar en posysje fan de toaniel-selskippen yn Fryslân te ferbetterjen.

It spyljen fan in bemiddeljende rol moat ek sjoen wurde yn it ljocht fan it foarnimmen om as IFAT ein 2026 op te hâlden te bestean. Syn reden fan bestean, sa as beskreaun yn it karbrief, is weifallen. Koartsein, nei in lange en rike skiednis ophâlde te bestean, mar dan wol yn de wittenskip dat IFAT him oan 'e ein ta ynset hat de stipe fan it Fryske amateurtoaniel organisatoarysk en praktysk feilich te stellen.

*Jan Bijkerk en Piet Bloemsma*

## Takomst Boun

### Takomst fan de kriterien en it Boun

Yn de Algemiene Gearkomste (AG) fan 29 maart 2025 stie foar it earst de takomst fan de kriterien en it Boun op de wurklist mei as doel mei-inoar werom te sjen, de situaasje fan hjoed de dei ûnder te eagen te sjen en dêrnei foarút te sjen en te praten en te besluten oer hoe no fierder. It opstelde belieds- en wurkplan 2025-2027 joech oer dit fraachstik de nedige foar-ynformaasje en it wie oan de gearkomste om oan de jaan hoe om te gean mei de feroarings en hokker kant it út moast mei de kriterien en it Boun.

It weromsjoch yn de tiid joech op haadlinen it folgjende byld:

- De Fryske kriterien om utens hawwe jierrenlang foar in protte Friezen fan grutte betsjutting west en gouden tiden meimakke, mar dy tiid hat west.
- Troch in grut ferskaat fan maatskiplike ûntwikkelingen is it ferlet fan Friezen om utens om oan te slúten by Fryske kriterien om utens en diel te nimmen oan de aktiviteiten, sterk werom rûn en eins alhiel ta stilstân kommen.
- Der is likernôch gjin oanwaaks mear fan nije leden en alhiel net fan jonge leden.
- Kriterien fergriizje sterk en ha te krijen mei flink ôfnimmende ledetallen.
- Fergrizing en ôfnimmende ledetallen soargje foar it ôfnimmen fan it tal besikers, minder sinten en ôfnimmende bestjoerskrêft.
- Dizze ûntwikkelingen ha ta gefolch hân, dat al hiel wat kriterien ophâlden binne te bestean en dat neffens mennich kritebestjoer dat foarútsjoch ek foar harren krite bestiet.
- De aktiviteiten ferskowe fan de jûn nei de middei.
- Grutte foarstellingen wurde finansjeel hieltyd minder mooglik troch hege kosten en minder beteljende besikers.

De gearkomste wie it iens oer de folgjende konklúzjes foar de takomst:

- It is yn reedlikheid net te ferwachtsjen dat dizze ûntwikkelingen van ôfnimmende ledetallen, bestjoerskrêft en finansjele mooglikheden te kearen binne.
- It sil foar alle kriterien dreech wêze en soms ûnmooglik om de holle boppe wetter te hâlden en noch takomst te hawwen en te hâlden.
- Kriterien en Boun moatte harren mei-inoar ynsetten bliuwe foar behâld fan itjinge dat noch is en dat noch takomst hat en inoar derby sa mooglik helpe troch gearwurking. Tagelyk moatte se realistysk nei de takomst sjen en harren ek klear meitsje op de hast wis kommende tiid dat der gjin takomst mear is.

### Untwikkelingen 2025

De ûntwikkelingen yn 2025 befêstigje it earder sketste byld en de yn 2025 útsprutsen soargen oer de takomst.

De kriteren yn Assen, Meppel en Súd-east Drinte binne ophâlden te bestean en dêrmei is tal kriteren fierder werom rûn fan 11 nei 8 kriteren.

### **Wurkgroep takomst Boun**

As it momint komt, dat der gjin kriteren mear binne, hâldt ek it Boun op te bestean. Dêrmei giet in protte kennis en ûnderfining ferlern. Om dat te foarkommen hat it Boun yn de AG fan 2025 it útstel dien in wurkgroep yn it libben te roppen dy't ûndersyk dwaan sil nei:

- it bestean fan behoeften by organisaasjes, dy't harren ynsette foar it útdragen fan de Fryske taal en de Fryske kultuer, om de oanwêzige kennis, ûnderfining en bestjoerskrêft fan it Boun en de kriteren te brûken;
- organisatoaryske, juridyske en finansjele mooglikheden om, by bliken behoeften, as Boun, bestean te bliuwen.

Dêrfoar sil foaral ûndersyk dien wurde moatte bij organisaasjes dy op dit mêd al dwaande binne. De gearkomste stimde yn mei it útstel.

By de oprop om oan dy wurkgroep diel te nimmen, kaam yn de gearkomste noch net in finger omheech. In lettere oprop oan de kriteren en it persoanlik freegjen fan minsken levere ien kandidaat op, te witten Jantje Meijer fan de krite Lelystêd.

De wurkgroep besteande út Jan Bijkerk, Piet Bloemsma en Jantje Meijer is yn jannewaris 2026 oan har wurk begûn.

Undertusken hat it Boun yn har amtlik oerlis mei de provinsje op 2 juni 2025 al in baltsje opsmitten oer har situaasje en har takomstplannen. Der is wiisd op de mooglikheid it ûndersyk yn te passen yn it rinnende foarstel fan IFAT en KFBou om mei in subsydze fan € 15.000 ûndersyk te dwaan nei de mooglikheden fan fersterkjen fan it funksjonearjen en de gearwurking fan de organisaasjes dy harren ynsette foar it gebrûk fan it Frysk yn de iepenbiere romte. It bleau foarearst by wurden fan sympaty en wurdearring. Yn 'e hjerst hawwe IFAT en it Boun berjocht krigen, dat de provinsje net meidwaan sil oan ûndersyk en ek de subsydze-oanfraach net honorearje sil. De wurkgroep sil dus sels it ferkennend oerlis mei oare organisaasjes opstarte moatte.

*Jan Bijkerk en Piet Bloemsma*

## Kontakt Bounsbestjoer mei de krite

De Bounsbestjoersleden bliuwe graach op'e hichte fan it riden en farren fan de krite. Dêrom is elk bestjoerslid earste kontaktpersoan foar ien of twa krite. Krite dy't dat wolle, kinne fragen of swierrichheden foarlizze. De kontaktpersoan kin (op útnûging) bestjoersgearkomsten, of ris in kear in krite-middei of kritejûn bywenje. Op dit stuit binne de acht krite sa ferdielt oer de fiif bestjoersleden:

<b>Kontaktpersoanen Bounsbestjoer</b>		
<b>Krite</b>	<b>Kontaktpersoan Boun</b>	<b>Emailadres</b>
Apeldoarn	Jan Vogel	yellowbirds53@gmail.com
Boadegraven	Piet Bloemsma	p.bloemsma@planet.nl
Hilversum	Piet Bloemsma	p.bloemsma@planet.nl
Hoarn	Jan Bijkerk	foarsitter_fbou@fryskbutenfryslan.frl
Twinte	Gerrita Otten-Onrust	skriuwerfbou@fryskbutenfryslan.frl
Lelystêd	Jan Vogel	yellowbirds53@gmail.com
Swol	Luit Dijk	luit.dijk@kpnmail.nl
Utert-Seist	Luit Dijk	luit.dijk@kpnmail.nl

## Ferslach Moetings- en Ynspiraasjemiddei 29 maart 2025

### **Yntroduksje**

Sprekker foar dizze Moetings- en Ynspiraasjemiddei is Sjirk Bruinsma, foarsitter fan De Fryske Beweging. Jan Bijkerk yntrodusearret de 25-jierrige Bruinsma by de oanwêzigen. As foarsitter folget hy Pier Bergsma (80) op, dy't sein hat bliid te wêzen mei dizze jonge foarsitter; "De takomst fan it Frysk leit by jonge minsken".

### **Persoanlik**

Bruinsma fertelt, dat hy hjoed mei de trein út Brussel kaam is, wêr't hy wennet fanwegen syn funksje as parlemintêr meiwurker by it Europeesk parlemint.

Bruinsma is opgroeid yn De Pein, wêr't minsken by it ynkommen roppe: "Goed folk, net sjitte!" Heit en Mem binne skieden doe't Bruinsma trije jier wie. Mem hat allinnich foar trije bern soarge, mar "der wie altyd genôch iten, ek foar iters". Heit hat der by him ynhammere, dat hy altyd "Goeie!" sizze moat as hy earne yn komt. Bruinsma hat it no sa fier, dat de kollega's yn Brussel ek al "Goeie!" roppe.

### **Ferjonging Fryske Beweging**

Bruinsma tinkt, dat hy him foar it Frysk ynsette kin, omdát hy jong is. Letter, as jo âlder binne, wurdt pas dúdlik wat de wearde fan it Frysk wêzen is. Dat besef moat der op folle jongere leeftyd komme. De Fryske Beweging makket in 'ferjongings-proses' troch. It hjoeddeistige bestjoer bestiet út ien fyftiger en fjouwer tweintigers. Neist de namme fan de feriening is ek de webside fernijd: [www.itnijs.frl](http://www.itnijs.frl) is no [www.goeie.frl](http://www.goeie.frl). De ynhâld is diels itselde bleaun en diels moderner wurden, mear oanslutend by de jongerein en de takomst.

### **Us takomst**

Bruinsma makket de kanttekening dat ús soarch oer de Fryske taal in lúkse probleem is. Hawwe wy in dizze tiid fan oarloch en klimaatproblemen noch wol in takomst? Bruinsma, fan natuere in optimist, tinkt fan wol; hy hat in posityf takomstperspektyf. Hy ferwiist nei foarbylden út de histoarje. Op it mêd fan diskriminaasje is der, oer langere tiid besjoen en los fan alle hjoeddeistige ûnrjochtfeardigens yn de wrâld, sûnt Martin Luther King dochs in soad ferbettere. Ek folgje tsjintwurdich folle mear minsken universitêr ûnderwiis, omdat dat no foar elkenien tagonklik is.

Bruinsma jout de seal no de tiid om yn lytse groepen mei-inoar te praten oer de fraach 'Wat jout jo hoop?' Ut de antwurden blykt, dat dit foar elkenien wat oars is, mar ek, dat der in soad is dat ús hoop jout, ek yn dizze tiid.

### Takomst fan it Frysk

Is der noch hoop foar it Frysk? Bruinsma seit, dat hy sels sa folle mooglik nei Omrop Fryslân sjocht en lústert en altyd appt yn it Frysk. It is bekend dat de jongerein dat ek hieltyd mear docht.

Mar it Fryske taalûnderwiis helpt net bot mei. It Nederlânsk fan de jongerein is faak al net bêst en sy krije ien oere Frysk yn'e wike. In taal libjend hâlde betstjut safolle mooglik kontakt mei-inoar hawwe yn dy taal, de taal sa folle mooglik brûke; it makket net út of jo flaters meitsje. Bruinsma hellet Ruslân oan. Yn dit lân sûnder frije parse is mar ien taal tastien. Troch it ferplichte Russysk binne alle minderheidstalen yn Ruslân ferdwûn.

Wy binne yn in tiid oankaam wêryn Fryske kriterien minder relevant wurden binne en dat wylst der no mear Friezen om utens dan Friezen yn Fryslân binne! Fryslân yn en út gean is maklik wurden en minsken kinne altyd kontakt mei-inoar hâlde.

Bruinsma fynt, dat Fryslân gjin útsûndering wêze moat. De Fryske Beweging is just solidêr mei Limburg, Grinslân en Drinte foar it behâld fan harren streektalen. As Friezen binne wy tige grutsk, dát wy Friezen binne, Guus Meeuwis sjongt sels: "zo trots als een Fries"! Sa moatte wy der foar elkenien wêze dy't grutsk is op syn eigen kultuer.

Yn 2023 hat Bruinsma yn gearwurking mei de Fryske Beweging in harksit fan fjouwer oeren oer it Frysk yn de Twadde Keamer organisearre. Dêrby is nêt útgong fan wat ferkeard is, mar fan de oertsjûging dat it Frysk sa'n moaie taal is! De risping bestie út tsien moasjes, tsientallen Keamerfragen en in soad omtinken foar it Frysk.

### Ta beslút

Hoe behâlde wy ús taal? Bruinsma fynt, dat taalbehâld allinne de ferkearde misje is. Fryslân is grutter dan de provinsje en it ferhaal is folle breder dan allinnich Fryslân. Bruinsma beslút mei te sizzen, dat hy hiel Europa 'wat mear Fryslân' gunt.

It is spitich, dat Bruinsma al nei in oere klear is mei syn ferhaal; wy hiene mear tiid foar him reservearre. Jan Bijkerk betanket him foar syn bydrage mei in slúfke en it boek 'Friezen yn'e Frjemdte'.

*Gerrita Otten-Onrust*

## Mediasaken/Omrop Fryslân

It is sûnt 2011 dat it item Mediasaken as punt op de wurklist stiet fan de AG en dat Jan Piet Bergmans as kontaktpersoan foar Mediasaken/Omrop Fryslân yn de gearkomste fertelt oer it riden en farren yn Omroplân en oer Omrop Fryslân yn it bysûnder.

De oanlieding foar dit inisjatyf doetiids wie de aksje fan Ziggo om it sinjaal fan de regionale stjoerders net mear oeral yn Nederlân fia de kabel troch te jaan. Ziggo en ek oare útsjoerders beheinden dit, of wiene fan doel dit te beheinen, ta de eigen provinsje fan de regionale omrop en de oanswettende provinsjes. Dêrmei waard Omrop Fryslân net mear útstjoerd yn û.o. Súd-Hollân, Utert en Gelderlân. Jan Piet Bergmans frege it Bounsbestjoer om oandacht hjirfoar en stelde aksje foar. It Boun fiede wol foar aksje, mar hie eins te min tiid en minskkrêft hjirfoar. Jan Piet waard frege de aksjes op tou te setten en dermei wie de kontaktpersoan foar Mediasaken berne. It wie net in funksje mei in formele status en der wiene ek gjin formele partisipaasjes yn organisaasjes.

Yn alle jierren dêrnei krige Jan Piet yn de AG it wurd en naam hy it wurd. Benammen yn de earste jierren wiene der yngripende feroarings yn 'omroplân'. Sa gie de sizzenkip oer de regionale omroppen yn 2014 oer fan de provinsjes nei it ryk en wiene der soargen oer de takomst fan dy omroppen. Oare saken dy spilen wiene de Taalwet (Wet gebruik Friese taal), de Mediawet, de rol fan de NPO versus de regionale omroppen, besunigingen op de regionale omroppen (17 miljoen) en mear gearwurking tusken de omroppen.

De kommisje Hoekstra (hoeder fan it belang fan de Fryske omrop) skreau yn har advys yn 2014: "De bysûndere posysje fan de Fryske taal freget om bysûnder belied. Utgongspunten fan dat belied binne in folweardich programma-oanbod yn de Fryske taal. En in eigen regiodekkende stjoerder foar de Frysktalige programmearring". En dizze wurden binne noch hieltyd sa wier as in ko. De boarging fan de Fryske belangen wurdt tsjintwurdich fêstlein yn de bestjoersakkoarten dy om de fjouwer jier fêststeld wurde tusken it ryk en de provinsje.

Yn 2025 hat it Kommissariaat foar de Media wer besluten welke organisaasje foar de kommende fiif jier de lisinsjehâlder is foar de regionale omrop yn Fryslân. Omrop Fryslân waard opnij keazen en dêrmei waard in protte ûnwissens weinommen. Der wie nammentlik in konkurrint, te witten Stichting Online Radio TV.FRL. Dizze organisaasje fûn Omrop Fryslân te Frysk, it Nederlânsk moast de haadtaal wurde. Sa mâl is it lokkich net wurden.

De lêste jierren is it fierder rêstich yn 'omroplân'. Sels sa rêstich, dat Jan Piet it Bounsbestjoer advisearre hat it item Mediasaken mei yngong fan 2026 te skrassen fan de wurklist fan de AG en ek syn rol as kontaktpersoan te beëinigen. Ik bestjoer hat syn advizen oernommen.

It is dêrom dat op 28 maart 2026 it item Mediasaken foar it lêst op de wurklist stiet en yn it Ambyld opnommen is. Yn de gearkomste sil it bestjoer stilstean by dizze feroaring.